



Anders Minnes Wybenga

Anders Minnes Wybenga

Anders Minnes Wybenga fan Nijewier, dy't nou 65 jier is, hat mei syn skriuwerij en dichterij in bulte goeds foar Fryslân dien. Binammen yn godstsjinstich wurk lei syn krêft. Hy hat in bulte minsken út syn omkriten (en ek dêrbûten) ta Frysk lêzen brocht en har troch syn natuerfersen de skientme fan eigen gea djipper bilibje litten. Syn foardrachtbondels hawwe fortuten dien by de jongerein; goede folkskunst hawwe hja brocht. Yn 1923 kaem syn psalmforfryske út („It Psalmboek yn Fryske biriming fan A. M. Wybenga mei de Katechismus forfryske fan E. B. Folkertsma“, útjown mei stipe fan it Kristlik Frysk Selskip). Syn bondeltsje „Libbensgong“, dat yn 1936 útkaem, bifettet ek tige goed wurk. Dr. G. A. Wumkes hat ek it útjaen fan dit bondeltsje bifoardere. Yn it foarwurd skreau er û. o.:

„Saun jier forlyn, mei it oprjochtsjen fan de Fryske Librije haw ik Wybenga al frege om in karbondelke fan syn dichtwurk. Allerhanne oars moast sonttiid foargean, mar oergean mocht neffens myn bitinken dizze útjefte net. Fryslân hat tò greate forplichting oan syn psalmbirimer om ek net fan in oare kant mei him yn de kunde to kommen. De kar oer sa'n fearnsieu is dien troch Ds. A. D. Wumkes to Burgwerd.“

Yn 1910 krigen Wybenga en O. S. Akkerman opdracht ta it gearstallen fan in goedkeap lieteboekje, dat in jier letter by Monsma yn Boarn útkaem.

As folksdichter en ek as folksskriuwer is Wybenga bikend wurden troch syn wurk yn it Friesch Dagblad, „Yn ús eigen tael” en inkelde oare Fryske tiidskriften en yn eigen omkriten binammen troch syn ferskes yn de Dokkumer krante.

Op in gearkomste fan de Provinsiale Underwiisrie hat er okkerjiers noch sprutsen oer syn wurk as folksdichter en -skriuwer. Ja, ek as folksskriuwer hat hy namme; syn histoaryske novelle „It soenhûs” en syn boekje oer Ropta (syn mole, syn skiednis) binne goede foarbylden fan syn libbene forteltrant.

Yn de Fryske biweging is Wybenga tige bikend. Mar litte wy him binammen as folksdichter sjen en him sa de jongerein as foarbyld stelle. Ik — as ien fan de jongerein — wol him alteast yn dit boekje mei eare neame.

Yn itselde húske op 'e Efterste Slapentaei ûnder Nijewier dêr't er nou noch wennet, kaem A. M. Wybenga op 25 Novimber fan it jier 1881 to wrâld as ienichst bern fan in lyts gernier. It wiene doe de minne jierren fan de fal yn it lânbidriuw; it kaem fakentiid krap om yn dy jierren fan mosterstip.

Op skoalle learde hy as jonge ferskes as „De zeven kikkertjes” en „Us pake syn klok”; it wêmoedige dêryn hie gâns ynfloed op him. Sa kaem it al ringen safier, dat er sels ek ris ferskes meitsje woe, mar it duorre in hiel set, ear't er de mjitte fine koe. Mar de fersematen learde 'r dochs sa njonkenlytsen út de psalmen kennen.

Hy hie noch mar fjirdeheal jier op skoalle west — hy wie doe tsien jier — doe't er it learen der oan jaen moast om mei to helpen op it lân. Dat wie fansels hiel hwat oars as sjonge en ferskes meitsje, mar aldergelokst wiene der noch de jounen en binammen by 't winter wiene dy lang genôch om lêze en skriuwe to kinnen.

De buorren joech net folle ôflieding, hwant de Wybenga's wennen der in ein bûten. De jongfeint moast dus syn treast

thús sykje en dat die er dan ek. Hy learde de Fryske stavering út in boekje, dat er foar in dûbeltsje koft hie.

Hy kaem ek op de feinteforiening en dêr foun er boeken by 't kastfol; oan al dy lektuer koe er syn hert mar ophele. De jongfeinten moasten dêr ek opstellen meitsje en mear as ienris kaem de jonge Wybenga mei fersewurk foar 't buordtsje. Op feestlike jounen kaem er faek mei Frysk foardrachtespul op 'e lappen en op sa'n joun to Eanjum priizge in sikere dûmny Huismans dat wurk wakker.

Der waerd wolris tsjin Wybenga sein: „Dyn fersen kinne wol yn de krante“, mar dêr soarge 'r yn it earstoan dochs noch wol tsjin oan. Hy fiede sels wol, dat der noch to folle oan syn wurk miskearre. Lykwols, einlings gyng er der dochs ta oer. Hwat wie er der wiis mei, dat syn wurk opnommen waerd — yn it „Friesch Dagblad“ noch wol! Hy stjürde der mear fersen hinne ûnder de skûlnamme fan „In Fryske jonge.“

Yn dy tiid lies er Frits Reuter. „Jonge, sokssahwat moasten wy ek yn it Frysk hawwe“, tocht er. Yn syn oermoedigens bigoun er sels mei in feuilleton to skriuwen. „Us libben to Teltsjegea“ hjitte it en it krige yn 1907 plak yn it „Friesch Dagblad“. Fetse Greidema hjitte de skriuwer to wêzen. Doe't it út wie, skreau dûmny Huismans in oprop oan Fetse Greidema en oare kristlike skriuwers om it Kristlik Selskip for Fryske tael en skriftekennisse op to rjochtsjen. Earst wie er der net sa malle hjit op; hy wie bang yn sa'n selskip in stik selsstannichheit kwyd to reitsjen. Dêr koe de iene maklik fan hea en de oare fan strie roppe.

Dochs waerd er lid en — ta syn lok. Hy kaem yn de kunde mei it trijemanskip Huismans, Kamerling en Wumkes. Binammen oan Dr. G. A. Wumkes, dy fan 1909 oant 1920 samler fan „Yn ús eigen tael“ wie, hat er gâns to tankjen. Dy joech him goede rie en bimoediging en wie yn alles in âldere freon.

Wybenga tinkt noch faek oan dy moaije tiid werom, oan master Kamerling, dy't safolle foar it Selskip die en de geastlike heit fan it priissjongen wie, oan de groatfolle Harmonyseal op de Pinkstergearkomsten. Hwat klonken de Fryske sangen dan moai! Mar Fryske lieten wiene der net folle — der moasten mear komme. Forskate Hollânske teksten binne dêrta fan Wybenga yn it Frysk oerset.

Yn de oarloch fan '14—'18 waerden de Friezedagen ynsteld, al wer op initiatyf fan master Kamerling. Dy loeken yn it earstoan tsjerken fol folk. Hwat gyng dêr foar Wybenga in bimoediging fan út. Spitich, dat dy letter útstoarn binne.

Yn 1921 waard er bineamd ta samler fan „Yn ús eigen tael”. Dat wie in drokke tiid, hwant der wiene to min meidoggers en de samler moast it blêd dus foar it greatste part folje. Dêrby hie er de korreksje fan it psalmboek, de revisy fan it Fryske Nije Testamint en de stúdzje foar de Fryske akte. En dan boppedat in drok gerniersspul — ja, dan wie it gjin wûnder, dat it him in gefoel fan forlichting joech, doe't er it samlerskip net mear hoegde waer to nimmen.

Ik haw al sahwat forteld, hoe't Wybenga oan it Frysk skriuwen rekke. Dat er soks yn it Frysk die, lei net oan syn âlden, hwant dy koene it mar amper forneare, dat er mei dy „botte boerske” boekjes siet.

Hoe't syn fersen ûntstiene? Och, fakentiden sa mar fansels. It iene of oare trof him, op it lân, ûnder it wurk of ek wol yn 'e hûs. Soms kamen de earste rigels fan in fers sa mar yn him op; de oaren wurke er letter út. Ek hie hy 't wol, dat der op in stuit in mannich rigels yn him opkamen, dy't er op in kladtsje pompier krabbele, wylst it dan soms wol in jier duorre ear't er der wer — en dan bytiden hommels — sin oan krige om it fers ôfdien to meitsjen.

As Wybenga frege wurdt foar hwa't er syn fersen en syn proazawurk skreau, dan seit er: „Nou, almeast foar it gewoane

folk en dan leafst ienfâldich wurk. Wol hat der in tiidsje west dat ik — mooglik ûnder ynfloed fan de Hollânske tachtigers of de Jongfryske Biweging — it hwat heger yn 'e loft bisykje woe, mar dêr hie ik dochs ridlik gau myn bikommen fan."

Op oantrún fan Dr. Wumkes ûntstiene fiif foardrachtebondels fan Wybenga; meast oerset wurk yn in Frysk pakje stutsen. Der wie yn dy tiden wakker forlet fan.

Der is gâns foroare yn de fjirtich jier fan Wybenga syn skriuwerij. Doedestiids woe it orthodoxe folk hjir yn Fryslân neat fan de Fryske skriuwerij witte; nou is dat krekt oarsom. De measten kinne it nou wol lêze; party bigjinne der mei om it ek to skriuwen. As Frysk lesjower hat Wybenga dêr ek syn part oan meidien.

„Hwat ik nou foar mysels mei myn wurk bidijd haw?“, sa skreau er my de lêste kear. „Fansels ek krityk. Dy wie net altiten like noflik en oannimlik en sloech ek wolris by myn fersen troch, mar hat my ek wol mear ynsjoch yn eigen krêft en swakkens bybrocht. Mar — en dat hat gâns mear wearde — ik bin der ek troch yn de kunde kommen mei heechsteande minsken, dy't ik graech alle eare jow en hwaens freonskip en oanmoediging my by it âlder wurden noch tige goed docht."